

'Losse hannen', fan Huisman sprekt oan

Sn. Nbbi. 31/8 2000

DE HOMMERTS - Saakje Huisman debutearre yn 1998 mei de ferhalebondel 'Sûnder hûd'. Goed oardel jier letter komt se mei har romandebút: 'Losse hannen'. Yn dizze roman spilet it 14-jierrige famke Tessa Simonides in haadrol. Puberteitsproblematyk is ien fan 'e wichtigste kaaiwurden fan dizze troch Frysk en Frij kreas útjûne roman. In roman dy't troch de tematyk grif ek jeugd oansprekke sil.

"Hy is fuort. Ik rin nei de sleat en lit de fuotten yn 't wetter sakje, it einkroas skop ik oan 'e kant. Mei de hannen skep ik wetter út 'e sleat en spiel it oer 't gesicht. Hearlik kâld fielt it oan, de wangen gloeie my, it is as stean ik yn 'e brân. It bloed kloppet my oeral, yn 'e holle, it boarst, it liif. Ik doar net nei hûs. Hoe moat ik se thús ûnder eagen komme nei wat der gebeurde is? Ik lit my op knibbels sakje en stek de hannen yn 't wetter, mei de wetterplanten ros ik se skjûn. Dan jou ik my yn 'e wâl del om te sjen hoe't it einkroas stadich wer nei elkoar ta krûpt, it plak weromnimt. Dit wie it dus, dêr't Jos en Anita sa geheiminnich oer dogge, wat sa spannend wêze moat. Ik begryp it net." (s.54/55) De mentaal kwetsbere Tessa wurdt it slachtoffer fan seksuele en geastlike yntimidaasje.



De mislearre filosofystudent Jeroen Geerlings, in troude tritiger, kin syn hannen net thúshâlde en fergrypt him oan it jonge puberfamke. Beide hawwe har kommen bij de 'Hierfrou', de widdo Sjerda Haarsma (wrange mar prachtige spea-

king name!) dy't fanwege har oerdiedige hiergroei letterlik in bûtensteander is. As it wier is wat in psychologe út Pennsylvania koartlyn bewarde, dat behierde froulju as minder freonlik, ambitieus, non-konformistys en agressyf oerkom-

me, dan is de 'Hierfrou' út dizze roman in moai foarbyld. Alleast foar de grutte kliber, dy't neat fan dizze heimsinnige eksintrike frou ha moat. De frou fan Jeroen, Fyt Hemminga, ferwurdet it sa: 'Sjerda is gek, se is kontakteam, frustrearre. Se krûpt as oansketten wyld achter toarnbeistruken en betinkt der in ynteressante reden foar.' (s.20)

Foar Tessa is dat hiel oars, sij hat in waarme ferhâlding mei de 'Hierfrou'. Troch de houliksproblemen fan har heit en mem is it thús net botte gesellich foar Tessa. Broer Brucht, dy't in pear jier âlder en strontjaloers is, narret har op in freeslike wize. Sa leit er in deade mûs yn Tessa har keamer en wurdt er troch syn heit betrape as er in kronkeljende iel yn it bêd fan syn suske lizze wol. Hij sjantearde Tessa en Jeroen nei't er har bestrûnt hat. De mem fan Tessa, Houkje Simonidesvan der Meer nimt it net foar Tessa op, nee sij hâldt har soan de hân boppe de holle. Neidat Tessa misbrûkt is troch de filosofystudent, dy't oars ek in minne relaasje mei syn frou Fyt Hemminga hat, giet it hieltyd minder mei it famke. Se komt geastlik finaal yn 'e knoei te sitten, is obsedearre fan it feit dat se wolris yn ferwachting wêze koe en op skoalle rint it ek op 'e non. De leadswiere problematyk wurdt oars masterlik beskreaun troch Huisman, de taal is modern en de libbensechte dialogen binne fan in heech nivo.

De stikken dy't skreaun binne út it eachpunt fan Tessa wei, sille troch de identifikaasjemooglikheden benammen it 14+ publyk oansprekke. Troch ôfwikseling oan te bringen yn it personale perspektyf en de ikfoarm bliuwt it ferhaal hiel spannend en libben.

Guon passaaazjes yn it ferhaal dogge wat surrealistys oan, sa as de dream dy't Tessa hat oer in abortus: "Abortus? Doar ik dat? Ik hear in baby gûlen, earst sacht, it liket op skriemen, der sit ferriet yn, dan lûder, hy begjint te razen. Hy raast sa fûl, no mei safolle pine deryn, dat ik de hannen tsjin 'e earen druk. De mûle yn it readpearze holtsje stiet wiid iepen, it is in weak bludderich gat mei dêromhinne fleizige rôze wankjes en in ronfelich foarholtsje. Mei djippe, grutte úthalen raast er mar troch. Dan folget in djippe snok en is yn ien klap stil. Abortus?" (s.122/123) De roman hat in iepen ein, sadat der foar de lêzer noch genôch oerbliuwt om oer nei te tinken. In skaaimerke fan goede literatuer! It ferhaal hat mij fan it begjin oan 'e ein yn 'e besnijning hân, en ik bin der fan oertsjûge dat soks foar de measte lêzers jilde sil.

Henk van der Veer

Hjir besprutsen 'Losse hannen', roman fan Saakje Huisman. Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert, 239 siden, priis: f. 24,50